



## Nije oanwinsten fan it keatsmuseum

*Fan de objekten dy't de lêste pear jier ynkommen binne, wol ik twa wat neier beljochtsje. Yn it foarste plak in sulveren bal fan de keatsklup út Kimswert en fierder de prizekast fan Catrinus Werkhoven (Wytmarsum).*



It is in sulveren "wannelbal", dy't makke is troch mr. goud- en sulversmid Th. Verroen út Schoonhoven. Op de bal steane keatsfoarstellings. It gewicht is 101,4 gram. It museum hat de bal yn brûklien krigen ûnder it betingst dat Kimswert dy by syn twajierlikse jongesôfdielingspartij foar ien, twa dagen weromkriget: it winnende partoer mei de bal efkes om de nekke hawwe. Dan giet de bal werom nei it museum, dêr 't ús besikers der fan genietsje kinne.

### In sulveren bal út Kimswert

It museum hat in sulveren keatsbal út Kimswert yn brûklien ûntfongen en dêr wie it folgjende skriuwen by:

#### Forklearring

Underteikene, Thomas Wietzes Hilverda fen Ljouwert, yn 't bisit fen in sulveren keatsebal, dy't 'r presint krigen hat fen syn Beppe, Hinke Sipkes Wassenaar, Widdou fen Herke Pipers Poelstra, yn it jier njoggentjin hûndert, en dy hjar Heit, Sipke Durks Wassenaar, berne yn sauntjin hûndert ien en tachtig, en letter yn Kimswert lange jierren bakker, woun hat yn 'e jierren twisken achttjin hûndert viif en -tsien yn dy omkriten, winsket dizze bal to skinken oan de ôfdieling Kimswert fen it Nederlânske Keatsboun, mei ûndersteande bidingsten:

1. De sulveren bal moat bliuwe it eigendom fen de ôfdieling Kimswert.
2. De bal scil jierliks forkeatsst wirde om dernei de kening oan to wizen.
3. Wirdt de ôfdieling Kimswert ûntboun as giet dy to neate, den moat de bal ôfstien wirde oan it Nederlânske Keatsboun.
4. Wirdt d'r letter wer in ôfdieling to Kimswert oprjuchte den scil dy ôfdieling ûnder deselde betingsten wer eigener wirde fen de bal.

Kimswert, hjerstmoanne 1939.

De Skinker  
Th. Hilverda

It Bistjûr fen de ôfdieling Kimswert.  
W.T. Postma voorz.  
M.P. van Straten  
D. F. De Vries  
G. S. Brunia  
J.K. Westra Secr.

### Prakkesaasjes by de medaljekast fan C

Eins mei ik net prate fan in kast, it is in skilderder omhinne en dêryn unike medaljes, mei ûnder Kening Leopold, Prins Hendrik en Keninginne Catrinus Werkhoven waard berne op 7 oktober. As jonge fan in jier as trettjin oant fyftjin wûn syn sechstjinde en santjinde libbensjier moast om't syn âlden him foar de keatssport net sterk jier wied er doe't er yn Achlum meidie oan in syn maten mei gemak de earste priis wûn. Dy "Dy jonge keatste net mei ús, wy keatsten mei

Yn de keatswrâld neamden syn maten him "Ca in protte foar, jûn oan jûn baltsjeferdriuwe en altyd mar wer ballen opslaan. By it keatsen stie op de foargrûn, mar yn it gewoane libben wied syn broer dreau er in fytsmakkerij, de âlden wi Troch mei de tiid mei te gean, hiene sy in saak ferkochten naaimasines, auto's, motorfytsen en dêrneist diene sy reparaasjewurk.

In opmerklike wedstriid wie de bûnspartij fan Dy begûn mei prachtich waar en der wie nimmer reinjas meinommen hie, mar it waar sloech om ek in bui mei hagelstiennen sa grut as dowe-aadweiltrochwiet en socht in goed hinnekommen it waar wer op en mei man en macht waard it fynoarder makke. It wiene drege partijen en sa ryklik let en dy wie boppedat hiel spannend. It nacht, dat by twa spul gelyk waard besletten de beslissing bringe moast. Yn in tige spannend b de winner. It wie de earste kear dat in bûnspartij waard.

In oare bysûndere wedstriid wie te Ingelum. It trochelkoarlotterswedstriid en ien fan Werkhoven Tichelaar. Se moatsen yn de twadde omloop tsj witten Tseard Wibrens Kooistra, Sietse Kooist





### Prakkesaasjes by de medaljekast fan Catrinus Werkhoven

Eins mei ik net prate fan in kast, it is in skilderij, mei in pracht fan in list der omhinne en dêryn unike medaljes, mei ûnder mear byldenissen fan Kening Leopold, Prins Hendrik en Keninginne Wilhelmina derop.

Catrinus Werkhoven waard berne op 7 oktober 1884 yn Wytmarsum. As jonge fan in jier as trettjin oant fyftjin wûn er al ferskate prizen. Yn syn sechstjinde en santjinde libbensjier moast er efkes rêst nimme, ek al om't syn âlden him foar de keats sport net sterk genôch fûnen. Achttjin jier wied er doe't er yn Achlum meidie oan in manljuspartij en dêr mei syn maten mei gemak de earste priis wûn. Dy mannen seinen nei ôfrin: "Dy jonge keatste net mei ús, wy keatsten mei him."

Yn de keatswrâld neamden syn maten him "Catarinus I". Hij die der ek in protte foar, jûn oan jûn baltsjeferdriuwe en oefenje op fier slaan en altyd mar wer ballen opslaan. By it keatsen stied er troch syn prestaasjes op de foargrûn, mar yn it gewoane libben wied er hiel beskieden. Mei syn broer dreau er in fytsmakkerij, de âlden wiene doe al ferstoarn. Troch mei de tiid mei te gean, hiene sy in saak dy't rûn as it spoar. Sy ferkochten naaimasines, auto's, motorfytsen en skriuwmasines en dêrneist diene sy reparasjewurk.

In opmerklike wedstriid wie de bûnspartij fan 1903 te Tsjummearum. Dy begûn mei prachtich waar en der wie nimmen dy't in paraplu of reinjas meinommen hie, mar it waar sloech om: grouwe reinbuien en en ek in bui mei hagelstiennen sa grut as dowe-aaien. Elts waard dweiltrochwiet en socht in goed hinnekommen. Letter op de dei klearre it waar wer op en mei man en macht waard it fjild wer sa goed mooglik ynoarder makke. It wiene drege partijen en sadwaande begûn de finale ryklik let en dy wie boppedat hiel spannend. It einde neat, it waard al nacht, dat by twa spul gelyk waard besletten dat it earst dêrnei de beslissing bringe moast. Yn in tige spannend beslút waard Wytmarsum de winner. It wie de earste kear dat in bûnspartij net kompleet útspile waard.

In oare bysûndere wedstriid wie te Ingelum. It gong om in trochelkoarlotterwedstriid en ien fan Werkhoven syn maten wie Sybolt Tichelaar. Se moatsen yn de twadde omloop tsjin in poerbêst partoer, te witten Tseard Wibrens Kooistra, Sietse Kooistra en Oane Groen.



Catrinus sei: "Dit kinne wy net winne Sybolt, mar dy tocht der oars oer en antwurde: "Witsto wol myn jonge dat der trije medaljes te winnen binne en do nimst dy mei." Dat joech Catrinus sa'n ynspiraasje dat hy naam yndied de medaljes mei nei hûs. Ien medalje foar de keningspriis, ien foar de fierste boppeslach en ien foar de measte boppeslaggen

Yn Skingen fersloech Werkhoven op in kâlde, wiete snein syn skouder en it is dêrnei nea wer sa wurden as it wie. Syn keatskarriêre rûn fan 1902-1921. De topjierren wiene 1905, 1908 en 1910. Werkhoven wie opslagger, mar ek wol perkspiler. Hy hat fjouwer kear de PC wûn en waard kening yn 1909 en 1910. Dêrneist wûn er foar Wytmarsum seis kear de Bûnspartij. Catarinus Werkhoven ferstoar op 19 septimber 1959. Dêrmei wie in grut keatser hinnegien. In protte minsken namen ôfskie fan him, wêrunder syn freon Abe Lenstra, oare âlde maten en ôffurdigen fan de KNKB.

Rinske Wiersma



en ûntfongen en

yn 't bisit fen in sulveren keatsebal, dy't 'r  
aar, Widdou fen Herke Pipers Poelstra, yn it  
Wassenaar, berne yn sauntjin hûndert ien en  
un hat yn 'e jierren twisken achttjin hûndert  
ken oan de ôfdieling Kimswert fen it

de ôfdieling Kimswert.  
de kening oan to wizen.  
dy to neate, den moat de bal ôfstien wirde oan  
oprjuchte den scil dy ôfdieling ûnder deselde

It Bistjûr fen de ôfdieling Kimswert.  
W.T. Postma voorz.  
M.P. van Straten  
D. F. De Vries  
G. S. Brunia  
J.K. Westra Secr.